

't Skieppesturtsje

Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.

42e jiergong - nûmer 1, winter 2019



Durk Breeuwsma
loonbedrijf & kraanverhuur



Stekt foar jo de hannen út de mouwen



Meer weten? T 06 53 88 61 49

E info@durkbreeuwsma.nl • I www.durkbreeuwsma.nl

Westerskatting 4, 8614 AP Oudega (W)



balen persen en wikkelen • hekkelen • sleepslangbemesten • kraanverhuur
transport met oprijauto • zand-, grond- en grindhandel • grondverzet

GIETEMA

EXMORRA - TJERKWERD

FOURAGE - AGR. WINKEL - TRANSPORT

Tel. 0515 - 576633 - 579156 Fax 0515 - 576644

www.gietemafourage.nl

SKJIN GROENREINIGER

Skjin groenreiniger is het milieuvriendelijk product dat eenvoudig en effectief algen, mossen en groene aanslag verwijdert.

Dit alles zonder schrobben of gebruik van een hogedrukreiniger.

In verband met de afwezigheid van schadelijke nawerking en het geringe residu, hoeft er niet worden nagespoten.

- biologisch afbreekbaar
- niet schadelijk voor de ondergrond
- zonder schrobben of borstelen



Kolofon 't Skieppesturtsje – 42^e jiergong – nûmer 1, winter 2019



Redaksje 't Skieppesturtsje

Skriuwadres:

Mireille Galema
Dyksicht 2
8765 LX Tsjerkwert
☎ 0515-579338

e-mail : itskieppesturtsje@gmail.com

Gerben D. Wijnja	Riemkje Swart	Fokko Rollema	Jan Witteveen
Sylroede 6	Sylroede 5	Singel 8a	Waltaweg 47
0515-579348	0515-579706	0515-579051	0515-579698

Stinsilwurk : Keetman druk+print, *partner van Pastiel & Empatec*, Sneek

Foto omslach : Gerben D. Wijnja



ontwerp ■ onderhoud ■ vlonders ■ walbeschoeiing

Sylroede 2
8765 LV Tsjerkwert

Tel: 06 5200 7210
www.bakkertuinanleg.nl

Ynhâldsopjefte

Kolofon.....	1
Ynhâldsopjefte	2
Fan de redaksje.....	3
Frijwilliche bydragen	6
Skieppesturt 2018 yn it teken fan Mienskip	7
Nijs fan Eensgezindheid	10
Jierferslach Iisklup 2018: lang om let wêr winter	11
Parodialoop op zondag 19 mei 2019	13
Nijs fan ‘t Waltahûs.....	14
Iisklup Tsjerkwert Ride op Thialf!	15
Nieuws van de Reinbôge.....	16
Even voorstellen	16
Fotoympresje Oktoberfest.....	17
Fotoympresje Sinteklaas	18
Fotoympresje Karbidsjitte.....	19
Fotoympresje Skieppesturt.....	20
Stichting Windkracht 10.....	21
Folkert Schukken ‘preekte’ in Tjerkwerder kerk.....	22
Hylke Speerstra in de Sint Petruskerk.....	23
Doarpsbelang Tsjerkwert e.o.	24
Website Tsjerkwert.nl.....	25
Huiszwaluwentelling in Tjerkwerd 2018.....	27
In de boot genomen.....	28
Muziek voor volwassenen.....	29
Tige tank.....	29
Kollektes.....	29
Berne.....	30
Stoarn.....	30
Nieuws van Oranjevereniging “Mei inoar ien”	31
Koken met Riemkje	32
Nieuws van de EHBO.....	34
Uitslag kleurwedstrijd	34
Kleurplaat.....	35
Snypsnaren	36

Fan de redaksje

It jier 2019 is noch farsk at wy yn Nederlân daliks al konfrontearre wurde mei in pear grutte rampen. Earst wie dêr in nijjiersfjoer by Skeveningen. In toerheech bousel fan pallets waard yn de nijjiersnacht yn 'e brân stutsen. In tradysje dêr, mar dat soks ek rare gefolgen ha kin, dêr wie blykber noch nea oan tocht. Wat docht in hurde oant stoarmeftige wyn mei al dy lôgjende flammen? En at de wynrjochting ek nochris fan see komt en in oerweldigjende see fan fonken oer de wenhuzen blaast, is de gaos kompleet en mei fan in wûnder sprutsen wurde dat Skeveningen net folslein fan de kaart baarnd is. It docht eefkes tinken oan de fjoerwurkramp fan Enschede of noch folle langer lyn, de stedsbrân yn Boalsert fan 1475 doe't om en de by de helte fan alle houten huzen yn flammen opgie.

Ekologyske ramp

In twadde ramp wie fan in hiel oare oarder. Boppe de waadeilannen ferlear in kontenerskip in part fan syn lading. De grutte izeren bakken dreauen op see, skuorden kapot en braakten in ûnfoarstelbere massa guod út oer de golven. Dat bedarre op ús strannen en brocht kloften frijwilligers en soldaten nei de eilannen ta dy't de bringst oprommen. At wy dit skriuwe leit in nije stoarm foar de kust dy't noch mear rotsoai út de konteners nei ús wrâlderfguod fan de waadeilannen streamme lit. Sa'n 200 konteners dy't op de seeboaiem lizze en troch de stoarm yn beweging komme kinne en elkoar skansearje en iepen barste, sille in nije stream troep loslitte op ús kwetsbere waaddiamanten. De gefolgen foar de natoer sille grut wêze, want it pypskûm dat út inoar brekt kin fan fatale ynfloed wêze op de fisk- en fûgelstân. In ekologyske ramp leit op 'e loer.

Fjoerwurk

Fan in hiel oar kaliber wie it karbidsjitten by ús doarp en de sierlike fjoerpylken dy't de loft boppe Tsjerkwert yn in skitterend ljochtspektakel sette yn de nijjiersnacht. In moai gesicht, mar ek dêrby is waachens, waakzaamheid, op syn plak. It heucht my noch dat wy, doe't wy noch yn de mûne fan Sintjânsgea wennen, de minsken derop wize moasten dat sy mei harren fjoerwurk rekken hâlde moasten mei de wynrjochting. In smeulende fjoerpylk yn it reidtek dat rysdrûch wie, koe de ein fan it bestean fan sa'n monumintale mole betsjutte, in âlde wynmole dy't nei restauraasje as pronkstik fan it doarp beskôge waard. Der binne foarbylden dêr't it ferkeard mei ôfrûn is, sa as yn Stiens yn de nijjiersmoarn fan 1992. Boukje Zijlstra fan de Sylroede kin der fan meiprate, sy wie der doe by en fûn it ferskrliklik. Us

frijwillich mûnder Jentje van der Stap hat dêr lykwols gjin hinder fan, want de Beabuorstermole stiet frij yn it fjild, fier fan alle drokten, mar wol sierlik ferljochte, sadat de mûne ek yn it tsjuster goed opfalt fanôf de dyk. In moaie gewoante dy't in protte minsken wisten te wurdearjen.



Wurdearring

Fansels ha wy it yn dit nûmer oer ús nijste Skieppesturt. Dêroer fierderop folle mear. Wurdearring is der ek foar in oare ynwenner fan ús doarp. Wy ha it dan oer Jos Falkena dy't meikoarten mei syn Coby nei Harns ferhuzet, mar earst noch alle papieren Skieppesturten foar ús ynskende foar de digitale presintaasje op de thússide fan www.tsjerkwert.nl. Ek syn rol by de opset fan dy nije "website" en binnen it bestjoer fan Windkracht 10 wie wichtich. Dêrom ek op dit plak tige tank foar dyn ynset foar alles dêr't wy no ús foardiel mei dwaan kinne. Jos, dyn namme sil sa foar ivich ferbûn bliuwe oan watsto foar Tsjerkwert en 't Skieppesturtsje betsjutten hast. Dat it jim tegearre yn de stêd fan de "Tobbedansers" goed gean mei.

Ta beslút

Ôfslutend in pear âlde berjochten út de skiednis fan ús iisferiening. Dêrmei komme wy fêst wat yn winterske sfereen. De linker is fan 3 febrewaris 1883, de rjochter fan 13 desimber 1890. Foaral de winter fan 1890/91 wie ien dy't de boeken yngie as ien mei fûle froast. Wy ha dêrby in fraach en faaks wit ien dêrop it antwurd. Wa wie Kingma dy't yn beide berjochten neamd wurdt? En mochten jo mear witte oer dy winter yn Tsjerkwert dan fernimme wy dat ek graach.

IJslub TJERKWERD.
HARDRIJDERIJ door MANNEN
 boven de 16 jaar, die geen geadverteerden
 Prijs hebben gewonnen, op Maandag den 6
 Februari 1888.
PRIJS f30. CADEAU f10.
(IJs en Weder dienende).
 Aangifte tot 's morgens 10 uur bij KINGMA
 te Tjerkwerd.
 Inleg 50 cents.
 Die zijn eerste partij er afrijdt ontvangt f1.

IJslub TJERKWERD.
(IJs en Weder dienende.)
HARDRIJDERIJ van MANSPEERSONEN
 die geen geadverteerden Prijs hebben
 gewonnen, op Dinsdag 16 December 1890.
PRIJS f30. PREMIE f10.
 Inleg 50 cents, om op de gewone wijze
 te laten verrijden.
 Aangifte tot 's morgens elf uur bij Tj.
 KINGMA.

Yn dit nûmer folle mear berjochten om folslein bypraat te wêzen oan it begjin fan 2019. Wy hope dat it in moai jier wurde mei, mei goed nijs en dat it jim allegear yn alle opsichten foar de wyn gean mei.

Gerben D. Wijnja
(út namme fan de redaksje)



OUDERKERKEN

AANNEMINGS- & TIMMERBEDRIJF

Voor al uw bouwwerkzaamheden

- 🔩 Verbouw
- 🔩 Onderhoud
- 🔩 Renovatie
- 🔩 Nieuwbouw

Waltaweg 35
8765 LN Tjerkwerd
Telefoon: 0515-579224
Mobiel: 06-14279868
E-mail: info@ouderkerken-vof.nl

www.ouderkerken-vof.nl

Frijwilliche bydragen

*'t Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten.
Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoarge troch de redaksje.
De krante kin bestean troch frijwillige bijdragen fan de lêzers.
Jo bydrage is fan herte wolkom!*

VRIJWILLIGE BIJDRAGEN ZIJN ONTVANGEN VAN;

F. Vincke eo; I. Schukken e.o.; T. Burghgraef eo; T. Stremmer-Stegenga;
Bemiddeling Yn Agraryske zaken; S. Bakker en D. Bakker-Nolles; J.S. Reitsma
eo; MTS Galama-Ypma; W. de Jong, B.R. Bakker; Y.W. Schakel eo; E. Huisman-
Stellingwerf; S. Breeuwsma eo.

Namens de redactie, heel hartelijk bedankt voor uw bijdrage!

Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding "Bijdrage it Skieppesturtsje" en het jaar waar het betrekking op heeft.

Bankrelatie ABN/AMRO bank Bolsward. Rekening; **NL34 ABNA 084 7668 398.**



KlusService GEMINI

Renovatie Verbouw & Onderhoud

vakmanschap en service in uw belang!

Gespecialiseerd in natuursteen vloeren en badkamers

Fokke en Wijtze Kootstra
Kerkstraat 9
8765 LK Tjerkwerd
Tel: 06-55795591 of 06-13283975
email: gemini-bouw@outlook.com



Lid van de

VLOK

Vereniging van Klussenbedrijven

Aangesloten bij Geschillencommissie Klussenbedrijven

Skieppesturt 2018 yn it teken fan Mienskip

Op 5 jannewaris waard yn it Waltahûs it nijjersbal holden en wy as redaksje hawwe dêryn in fêst plakje om de nijste Skieppesturt oan de doarpsbewenners bekend te meitsjen. Dat giet mei in taspraak dy't wy hjirûnder werjouwe.



Alle jierren stiet it útrikken fan ús Skieppesturt op de agenda fan de gearkomst dy't wy as redaksje fan de doarpskrante oan 'e ein fan it jier hawwe. Foar ús spannend, want wa sil de Sturt krije? Wy geane it tillefoanboek net mear bydel. Dat wie eartiids sa en dan kamen alle ynwenners op it aljemint. Mar de list yn it tsjokke boek wurdt mei it jier koarter om't de mobile tillefoan it sa'n bytsje folslein oernommen hat. Ek wy kinne dêr net mear sûnder, want ús kommunisearjen giet ek gauris fia de Skieppesturt-app. Mar net at wy it ha oer wa't dizze heechste ûnderskieding fan Tsjerkwert krije sil. Dan sitte wy noflik by elkoar om it te bepraten.

Wa fertsjinnet de Sturt?

Dan komme wy gear mei ús redaksje en lizze wy de nammen fan kandidaten op tafel. Wa fertsjinnet de Sturt? Wêrom dy persoan? Wat hat hy of sy betsjutten foar ús doarp? Is dat in unyk barren dat slacht op it ôfrûne jier en is de betsjutting grut genôch, dan kinne wy net om sa'n persoan of groep hinne. In jier letter soe it net mear aktueel wêze. Mar it kin ek gean om in persoan dy't oer in lange rige fan jierren syn of har stientsje mear as bydroegen hat, fan belang wie foar de mienskip en faak mear as dat.

Wy litte ús net allinne liede troch wat ús opfallen is. Wy ha ek harke nei wat oaren neamd hawwe. Tipjouwers neame wy dat en wy nimme dy ynkommen reaksjes altyd serieuus. Fansels kinne wy it nea sa goed dwaan dat elkenien tefreden is, mar dat is net oars.

2018, in kultureel jier

It ôfrûne jier stie sûnder mis yn it teken fan it Kulturele Jier fan Ljouwert en omkriten as Kulturele Haadstêd fan Europa. Grutte projekten waarden optúgd om minsken te lûken en te fermeitsjen. Mar in doarp as Tsjerkwert kin dêr wol sûnder, hat de kwaliteiten yn 'e hûs om sels op de trom te slaan. En dat docht it ek en dat stiet jim te priizgjen. Wy ha al dat bylkjende barren net nedich, sykje it yn de grutskens fan in lytsskalige, fertroude doarpsmienskip dêr't elkenien op syn of har eigen wize wêze mei dy't hy of sy is. Dat is Mienskip mei in haadletter, sûnder útwrytskens mar wol mei in waarm wolkom.

Mienskip

Wolkom is ek in eigenskip dy't past by de Skieppesturt fan 2018. En dan komme wy by it bekend meitsjen fan de jierpriis. De spanning dy't wy al hân ha, sidderet nó troch de seal. Wa wurdt nei foaren roppen? Wa sette wy yn't skynwerpers om ús wurdearring witte te litten? It giet no net nei in groep. Dat betsjut dat wy oan ien sturt genôch ha. Dan bliuwt de fraach: is it in man of in frou? Ferline jier koene wy in frou tige bliid meitsje en dit jier is dat ... op 'e nij it gefal. Us kar is fallen op in bysûndere frou, ien dy't der foar elkenien wie, dy't wakker belutsen wie by alles wat it doarp oanbelanget. As it no om de buert giet of om gruttere ferbinings yn it doarp, dizze frou wit te ferbinen, hat har paadsje wol skjinfage mar sy falt yn al har beskiedenens net sadanich op dat it bjusterbaarlik is. Sjoch it as mei de Kulturele Haadstêd: sûnder bylkjend barren dochts de Mienskip foarmje. De mienskip dêr't Ljouwert de Kulturele Haadstêd mei binnenhelle hat. It wurd dat ferbyldzjend wurke op de sjuery. En ús nije Skieppesturt fine wy eins wol symboal stean foar dat wurd Mienskip.

Funksjelist fan in Skieppesturt

At wy de rige fan funksjes opneame, sil stadichoan dúdlik wurde oan wa't wy de priis dit jier takenne wolle.

- Op allerhanne wize bestjoerlik aktyf yn it doarp
- Aktyf yn de buert as buertkommisjelid en as kaptein
- Frijwilliger en bestjoerslid fan it Waltahûs
- Op ferskate wize belutsen by de basisskoalle
- En by de organisaasje fan de 4 maaie betinking
- Algemien bestjoerslid yn de iisklup
- Behertiget it Reumafûns yn ús doarp
- Skriuwt wykliks stikjes yn Ons Kerkblad

- Sit no yn de beroppingskommisje fan de tsjerke en hat scriba, liturgykommisjelid en âlderling west

Gefoel en taal as yntrumint

Jierren lyn as Grunninger yn Tsjerkwert terjochte kommen, mar sy en har man hawwe harren daliks oerjûn oan de mienskip fan in doarp dêr't Frysk de fiertaal wie. Sy folgen de kursus Frysk foar net Frysktaligen om merke te litten dat sy ien wêze woenen mei in Fryske mienskip dy't mear is as in kloft minsken by elkoar. Sy woe ferbine en gefoel en taal waarden har ynstruminten. Ek dêrom fûnen wy dat krekt sy ús jierpriis mear as fertsjinnet. It kin jim net mear ûntgean, wy ha it oer Heleen Wilts-Harkema.

De grutste doarpsear

At wy om ús hinne sjogge sil it opfalle dat sy der net is. Wy ha yn it ferline hiel wat kearen allerhande keunstgrepen úthelje moatten om de Skieppesturt hjir te krijen. Mar Heleen fielde har de ôfrûne dagen net fit en hie oan Johan witte litten dat se dit jier it Nijjiersbal mar oerslaan woe. Tige begryplik. Mar dochs woene wy har hjir ha en doe ha wy mar ferteld dat har dit jier de grutste doarpsear takomt en dat it dochs wol hiel moai wêze soe at sy hjir ûnder ús wêze koe, ek al soe it mar eefkes wêze. Mar spitich, sy is der net. Wy winksje har dan ek folle betterskip fanút dit doarpshûs. En at wy dan no mar lûd genôch applaudisearje, dan kin se it faaks yn de Sylroede heare. Minsken fan Tsjerkwert, Skieppesturten, in grut applaus foar Heleen Wilts-Harkema.

Neisit

Oant safier de taspraak. It grutte applaus krige in ferrassend ferfolch, want suver tagelyk gie de doar fan de seal iepen en kamen Heleen en har man Johan en de bern Jan en Amarins deryn. Hja wiene ophelle fan hûs en hiene har eefkes ferstoppe opholden yn de hal fan it doarpshûs. It yndrukwekkende applaus dat oer harren hinne struid waard makke dúdlik, dat de kwaliteit fan dizze tûzenpoat stipe waard troch elkenien dy't mei syn of har oanwêzigens bliid wie dat sy derby wienen, om har op dizze jûn noch te lokwinskjen.

In jier lang is men Skieppesturt fan 't jier, mar de oarkonde en de sturt dy't by de ferkiezing heare, bliuwe libbenslang tsjûge fan dizze heechste doarpsear dy't der te beheljen is yn Tsjerkwert.

Der wie sjampanje en as redaskje praten wy noch eefkes nei yn it boppesealtsje. Wylst fan ûnderen de muzyk trochklonk, hellen wy mei Heleen en Johan oantinkens op oan hoe't sy hjir bedarre wiene, alhiel út Grins, mar

wurk fûnen yn Boalsert. It wenjen yn Tsjerkwert wie in boppeslach. By it sykjen nei in nijbouhûs ûntstie hjir daliks in klik al neamde Johan it eefkes gekjeijend “ontwikkelingswerk”. Mar it tekene de goede sfear en foar harren wie it wichtich dat it goed fielde en dat is sa bleaun. Spitich wie it dat Heleen har mem der net by wêze koe troch sykte. Wy hienen it al betocht om har derby te belûken, mar dat moast no beheind bliuwe ta it opnimmen fan de taspraak op in mobile tillefoan.

Om koart te kriemen, it wie goed sa’t it rûn. Wy wiene wiis mei de oanwêzigens fan de famylje Wilts, mar foaral grutsk op harren en in Mienskip as Tsjerkwert mei yn ‘e hannen klappe dat der sokke minsken ûnder ús binne. Dat applaus sil noch lang yn harren oantinken hingjen bliuwe.

Gerben D. Wijnja

Nijs fan Eensgezindheid



De klanken van het Oktoberfest op 13 oktober dreunden lang na. Het was een geslaagde avond in Tiroler stijl. Op 24 november gaven we een HAFABRA concert in de gasthuiskerk in Bolsward met Hallelujah Makkum en Crescendo Workum. De Sint werd dezelfde dag binnengehaald met vrolijke klanken van de Toansetters. We sloten 2018 in gebruikelijke stijl af op kerstavond en kerstmorgen. Dank aan Joop en Akke voor de gastvrijheid en het kerstontbijt.



Eensgezindheid bruist van energie voor het nieuwe jaar. Er zijn al weer voldoende leuke en spannende activiteiten ingepland. Momenteel bereiden we ons voor op het nieuwjaarsconcert met David Kutz op 26 januari. Deze Canadese tuba bazer van het Nederlands Filharmonisch Orkest verzorgd een masterclass in het Waltahus. Een 'prijs' nav het Spykerfestival. Aansluitend volgt een klein concert in de Petruskerk om 20.00 uur. Toegang is gratis.

Op 16 februari 2019 start Eensgezindheid met een project 'muziek voor volwassenen'. U heeft de flyer waarschijnlijk al ontvangen. Eensgezindheid is heel actief met opleiden, maar dan voornamelijk de jeugd. We willen nu ook volwassenen een kans bieden. Er worden 10 lessen gegeven in het Waltahus onder leiding van Guus Pieksma. Voor informatie zie ook onze website of facebook. Opgeven kan tot 1 februari via eensgezindheid.tjerkwerd@gmail.com of bellen of appen naar 06-10480803 of 06-23364792.

Na het nieuwjaarsconcert gaat de focus volledig op het concours in Zutphen. Dat is op zaterdag 16 maart. Een studieweekend in Heeg op 2 en 3 maart is al ingepland. Hierna volgen nog het festival op Schiermonnikoog op 25 mei en het jubileum van de turnvereniging Bolsward op 22 juni. Voor het programma na de zomervakantie hoort u binnenkort meer. Zie ook onze website.

“In doarp mei in korps hat krekt dat, wat in doarp sûnder korps net hat!”

www.fanfare-eengezindheid.nl of folgje ús op **Facebook!**

Jierferslach lisklup 2018: lang om let wêr winter

lisklup Tsjerkwert sjocht werom op in prachtich jier! We ha yn jannewaris en febrewaris wêr folop riden mei in entûsjaste klup minsken en benammen in soad bern. We ha yn maart fan dit jier – wannear ‘t normaal de earste ljippen al wêr oer de wjuk gean – lang om let wêr in winter hân en dêrtroch in geweldige iiswike belibbe mei koarte baanwedstriden. En ein april organisearren we in goed ferrûne jubileumedysje fan de Parodialoop – mei foar’ t earst twa ôfstannen.

Nij kontribúsjesysteem

Op de jierfergadering fan 2017 kamen 24 leden ôf. Dy namen mei unanime stimmen it foarstel oan om de opset fan de kontribúsjje fan lisklup Tsjerkwert

wat te feroarjen. Oant no ta wie it sa dat alle húshâldens mei bern oant 16 jier 5 euro per jier betellen. Foar elk bern fan 16 jier en âlder moast er 5 euro bybetelle wolle. It bestjoer fûn it tiid foar in ienfâldiger systeem en stelde foar om de jierkontribúsje per húshâlden op 5 euro te hâlden foar húshâldens sûnder bern. Foar alle húshâldens mei bern wurdt de kontribúsje 10 euro. Dêr wurdt net mear sjoen nei leeftiden fan de bern. Dit betsjut dat húshâldens mei âldere bern wat minder kontribúsje betelje en húshâldens mei jongere bern wat mear. Op dizze wize tinke we dat der wat mear balâns komt yn de ferhâlding hichte kontribúsje/gebrûk iisbaan. De leden binne it dêr mei iens en stimden unanym foar.

Nije bestjoersleden

Op dizze fergadering mochten we ek ta nije bestjoersleden wolkom hjitte: Heleen Wilts en Gert Folkertsma. Se draaie al wer in jier mei en we bin tige bliid mei hun komst. Boukje Bouma ferliet it bestjoer nei fjouwer jier. De foarsitter hat har bedankt foar har grutte ynset.

Petear mei gemeente oer iisbaan

Nei in rêstige desimbermoanne hiene we yn jannewaris in petear mei de gemeente oer de iisbaan. Reden is dat der per 1 jannewaris 2018 in nije situaasje is. De gemeente is sûnt dy datum wêr eigner fan de iisbaan, tot dy datum wie Ule Haarsma dat. De gemeente hie yn eardere gesprekken de tasizzing dien dat it folsleine gebrûksrjocht it jier rûn by de iisklup soe komme te lizzen. Dêr kamen se yn it gesprek op werom. Om in lang ferhaal koart te hâlden. De kommende 10 jier is it sa dat Haarsma fan 1 april tot 1 november simmerhierder is fan de grûn en dat iisklup Tsjerkwert fan 1 novimber tot 1 april it gebrûksrjocht hat oer de iisbaan.

Ride op Thialf en op eigen iisbaan

Sa as sein yn de ynliding - yn jannewaris en febrewaris binne we trije sneinen te riden west nei Thialf. Dat wie wat ús betreft in grut sukses. Elke snein in soad dielname, benammen ek in soad jeugd. Us tank ek oan Windkracht 10, dy dit ynysjatyf finansjeel stipe hat.

Ein febrewaris/begjin maart kaam dan dochs noch de winter. En hoe! Siberyske omstandigheden, in snijende wyn, gefoelstemperatueren fan -20. Mar prachtich! Want it wie Krokusfekânsje, de bern frij en elkenien dus folop oan it riden. Dêr wie muzyk, gezelligheid en mienskipssin! Op freed koene we nei 6 jier eindelijk wêr koarte baanwedstriden organisearre. Middeis foar de

jeugd, jûns foar de âlderen. It waarden prachtige wedstriden, wêrby der fol fjoer en pasje striden waard. Winnaars waarden Riemer Ouderkerken (groep 1/2), Jesse Wijngaarden (groep 3/4), Willem Schakel (groep 5/6) en Hinke Bouma (groep 7/8). Anne Galama en Hotze Sikkes wûnen de wedstriden bij de famkes en jonges fan 12 oant 16 jier. Bij de froulju fan 16 jier wie de titel foar Yvonne Galama. Bij de manlju fan 16 jaar gie Auke Walsma mei de beker nei hûs. Mei in totale dielname fan hast 50 riders oan de wedstriden en ek in protte animo op de oare dagen, sjocht it bestjoer werom op in prachtige iiswike.

Parodialoop

Doe kaam de maitiid en wie it op snein 29 april tiid foar de 25e edysje fan de Parodialoop. It oantal dielnimmers foel mei 47 stiks, - de helte minder as de foarige kear - tsjin – ek troch it kâlde rein waar. In bysûnder momint wie it earbetoan oan Jaap van Lingen, foarôfgeand oan de wedstriid. Jaap wie fang ôf it begjin belutsen by de Parodialoop. Dêrom ha we op dy 29e april bekend makke dat de wikselbeker foar de snelste Tjerkwerder fan 16 jier de Jaap van Lingen Wisselbokaal hjit.

Plannen 2019

Foar de kommende wiken hope we op strange winter. Fierders stiet trije kear riden op Thialf op it programma. En yn de maitiid hâlde we de Parodialoop.

It bestjoer fan Iisklup Tsjerkwert

Parodialoop op zondag 19 mei 2019

De jaarlijkse Parodialoop in Tjerkwerd wordt dit jaar op zondag 19 mei 2019 gehouden. Deelnemers kunnen kiezen tussen twee routes: de traditionele van 7,4 kilometer over Dedgum of de afstand van 11,5 kilometer over Blauwhuis. De start van beide lopen is om 11.00 uur, bij de brug voor dorps huis It Waltahûs. Voorafgaand om 9.30 uur is er weer een Kids-run 1,3 en 2,6 kilometer.

Voor meer informatie over de Parodialoop kunt u bellen met Jelle Feenstra, telefoon 06-15369122.



Nijs fan 't Waltahûs

It winterskoft is al wer in skoftke oan de gong yn it Waltahûs we ha de krystdagen alwer hân. Om goed te begjinnen ha we it doarpshûs earst in ekstra beurt jûn op 22 septimber stiene der moarns s'an 20 minsken klear om de saak fan binnen en fan bûten op te frissen. Ek waarden der lytse putsjes dien. In slagge dei oan it begjin fan it seizoen waard der hast alle dagen fan de wike wer gebrûk makke wurd fan it Waltahûs.

Op 5 oktober holden wy ús ynfo jûn foar frijwilligers. Op dy jûn hawwe we ek ôfskied nommen fan Afke Smid. Sy hat goed 11 jier yn it bestjoer sitten en in grut part der fan wie sy ponghâldster. Dat hat se altyd geweldich dyn en derom krige se ek in prachtich blomstik. Afke wurd opfolge troch Rianne Steenwijk en sil har earst noch begeliede ien dy funksje.

Fjirder kaam fansels de ferbouwing wer oanbod. It definitive plan is klear en de fergunning is ferliend op 24 septimber. No wurd it plan noch trochberekkene en dan kin de subsydzje oanfrege en fûnsen oanskreaun wurde. In belangryk punt fan it plan is " van het gas los " en de plannemakers hoopje dat de jild sjitters der gevoelich foar binne. Want der moat wol wat op it kleed komme oars kin it net troch gean.

It Oktoberfest wie wer wat nijs op ús aginda. Yn gearwurking mei Eensgezindheid waar der in gesellige jûn organisearre yn Tiroler sfearen. It korps hie de seal omtovere ta in echte bier tinte en in prachtich programma gearstald wy fan ús kant de bierpullen, bradwurst, sauwerkreut ens. Dit kin wol wer ris.

Ek de Grutte kwis jûn is wer slagge mei 11 ferieningen wie de seal wer knap fol. De EHBU waard treds, twadde waard de tsjerkeried en de winners wiene de minsken fan it doarpsbelang.

Yn desimber wie der it darttoernoai mei in hiel soad dielname. Dernei hienen we de 'oudjaarsborrel' en fansels de jierwikselling. Begjin jannewaris by it nijjiersbal hie it doarpshûs ek wer in belangrike funksje. Ofrûne perioade waard wer in protte frege fan ús frijwilligers en dat slagge gelokkich goed.

Stichting 't Waltahûs

Iisklup Tsjerkwert



Ride op Thialf!

Krekt as ferline jier wolle we ek dizze winter wêr trije kear te riden op Thialf mei de jeugd fan Tsjerkwert. Ek alle leden fanôf 16 jier bin hjir foar útnoegje. De datums binne:

Snein 20 jannewaris Snein 3 febrewaris Snein 17 febrewaris

Foar de jeugd oan-te-mei 15 jier is de entree gratis! Dat is te tanken oan Wynkrêft 10, dy de entreejilden foar de jeugd foar har rekken nimt. De leden fanôf 16 jier betelje 7 euro per kear.


De bedoeling is om dizze sneinen eltse kear om 09.15 oere fanôf it parkearterrein efter skoalle nei Thialf te riden. De baan is iepen fanôf 10.00 oere; om ± 12.00 oere geane wy wer nei hûs. Fansels hoege je net eltse kear mei, je kin ek kieze foar ien of twa kear.

As jo/jimme mei wolle, skilje, maile of appe nei Pier-Jan Zijsling. Syn mail is pierjan_zijsling@hotmail.com en it tillefoannummer fan Pier Jan is 06-13963213. It tagongsjild graach foar fertrek by skoalle mei past jild betelje. Dat kin oan Pier-Jan of ien fan de oare bestjoersleden fan de iisklup.

Ferline jier betellen wy de tagong foar de sjauffeurs. Dit jier liket it ús better om op basis fan de opjeften it sjauffeuren sa goed mooglik te ferdielen oer de minsken dy't meigean. Dat moat mei de beskikbere auto's grif goed komme. Foar bern dy noch net self reedride kin, graach self soargje foar in begelieder.

Wy hoopje op in soad dielname en wêr in pear moaie riderssneinen!

It bestjoer fan Iisklup Tsjerkwert



Nieuws van de Reinbôge

In september 2018 zijn we gestart met 36 leerlingen en hopen in 2019 nog wat te groeien. Het schooljaar is gestart met prachtig weer en we konden volop gebruik maken van het sportveld. Nu ik dit stukje schrijf, regent het zacht en staat de kerstvakantie voor de deur.

De afgelopen maanden hebben we hard gewerkt. Van Kinderboekenweek tot Nationaal schoolontbijt en van Sinterklaas tot de kerstwandeling door Tjerkwerd. Voor ons als school betekenen deze laatste activiteiten veel 'drukke' en gezelligheid in de school. Een school waar enthousiaste leerkrachten, leerlingen en ouders klaar staan om de handen uit de mouwen te steken! Geweldig!



Groeten van het team CBS De Reinbôge

Even voorstellen

Mijn naam is Linda de Boer en ik woon in Wijnjewoude. Ik ben getrouwd en heb twee dochters. Kim de oudste zit in groep 6 en Ilse zit in groep 3. Sinds 01 augustus 2018 ben ik de nieuwe directeur van CBS De Reinbôge. Sinds 2004 ben ik werkzaam in het onderwijs. Ik ben begonnen op CBS De Schalmei in Haulerwijk. Daar heb ik in alle groepen gewerkt, maar de laatste jaren vooral in de bovenbouw.



Vorig jaar ben ik gestart met de opleiding tot Schoolleider en in maart 2018 zag ik de vacature voor directeur in de krant staan en is het balletje gaan rollen. Inmiddels zijn we al weer een tijdje aan de gang en heb ik met vele ouders kennisgemaakt. We zijn goed gestart en ik hoop op een fijne samenwerking met leerlingen, ouders, leerkrachten en alle andere betrokkenen. Mochten er vragen zijn, kom gerust langs!

Groeten Linda



Oktoberfest Eensgezindheid







CARBID SCHIETEN OP OUDEJAARSDAG





Skieppesturt 2018

Heleen Wilts



Stichting Windkracht 10

